

## It boek Ruth.

### HAEDSTIK 1.

- 1 En it barde yn 'e dagen do't de rjuchters rjuchten, dat der hongere yn it lân wier. Dêrom teach in man út Bethlehem Juda, om as frjemdling ta to hâlden yn 'e fjilden fen Moäb, hy en syn frou en syn beide soannen.
- 2 De namme nou fen dy man wier Elimélech, en de namme fen syn frou Naomi, en de namme fen syn beide soannen Machlon en Chiljon, Efrathiten fen Bethlehem Juda. En hja kamen yn 'e fjilden fen Moäb en bleauwen dêr.
- 3 En Elimélech de man fen Naomi stoar, en hja bleau oer mei hjar beide soannen.
- 4 Dy namen Moäbityske frouljue; de namme fen de iene wier Orpa en de namme fen 'e oare Ruth, en hja bleauwen dêr likernôch tsjien jier.
- 5 En dy beide, Machlon en Chiljon, stoaren ek. Sa bleau de frou nei de dea fen hjar beide soannen en fen hjar man allinnich oer.
- 6 Do makke hja tarissing, hja en hjar skoandochters, en gyng werom út 'e fjilden fen Moäb; hwent hja hie heard dêr yn it lân fen Moäb, dat de Heare syn folk bisocht hie en hjarren brea jown.
- 7 Dêrom teach hja foart fen it plak dêr't hja wenne hie, en hjar beide skoandochters teagen mei. Mar do't hja ûnderweis wierne, op 'e weromreis nei it lân fen Juda,
- 8 sei Naomi tsjin hjar beide skoandochters: Gean hinne, tsjuch werom, beide nei jimme memme hûs; de Heare mei woldiedichheit oan jimme dwaen, lyk as jimme it dien hawwe oan 'e forstoarnen en oan my.
- 9 Sa mei de Heare oan jimme dwaen, den scille jimme rêst fine, beide yn it hûs fen jimme man. En hja patte hjar, hja lykwols setten de stimme út en skriemden.
- 10 En hja seine tsjin hjar: Né, wy scille mei jo weromgean nei jins folk.
- 11 Mar Naomi sei: Gean werom, myn dochters, hwerom scoene jimme mei my tsjen? Haw ik yette soannen yn 'e skirte, dat dy jimme ta man wirde scoene?
- 12 Gean werom, myn dochters; gean hinne, hwent ik bin to âld om wer to trouwen. Ja, al scoe ik sizze: der is yette hope, al hie ik nou fen nacht in man for my, en al krige ik ek soannen,
- 13 scoene jimme dêrop wachtsje dat dy great wurden wierne? Scoene jimme it dêrom oergean litte in man to nimmen? Né, myn dochters, hwent is is folle bitterder for my as for jimme, dat de hân des Heare tsjin my útgien is.
- 14 Do setten hja de stimme út en skriemden op 'e nij. En Orpa patte hjar skoanmem, mar Ruth hong hjar oan.
- 15 Dêrom sei hja: Sjuch, dyn skoansister is weromgien nei hjar folk en nei hjar goaden; gean dû dochs ek werom, dyn skoansister efternei.
- 16 Mar Ruth sei: Sit net tsjin my oan, dat ik jo forlitte en weromtsjen scil; hwent hwer't jo hinne geane, dêr scil ik hinne gean, en hwer't jo fornachtsje, dêr scil ik fornachtsje; jins folk is myn folk en jins God is myn God;
- 17 hwer't jo stjerre, scil ik stjerre en dêr scil ik to hôf brocht wurde. Sà mei de Heare my dwaen en sà dêrta, byhwennear't de dea allinne gjin skieding meitsje scil twisken jo en my.
- 18 Do't hja den seach, dat hja fêst fen doel wier mei hjar to gean, lei hja der net mear tsjin yn.
- 19 Sa gyngen hja togearre, oant hja to Bethlehem kamen. En it barde, do't hja ta Bethlehem ynkamen, dat de hiele stêd om hjar yn ûnstjûr rekke, en hja seine: Is dit Naomi?
- 20 Mar hja sei tsjin hjar: Neam my net Naomi, neam my Mara, hwent de Almightige hat my greate bitterheit oandien.
- 21 Fol bin ik hinnetein, mar liddich hat de Heare my weromkomme litten; hwerom scoene jimme my Naomi neame, wylst de Heare tsjin my tsjûge hat en de Almightige my kwea oandien hat?
- 22 Sa kaem Naomi werom; en by hjar hie hja Ruth, de Moäbityske, hjar skoandochter, dy't mei

weromgien wier út 'e fjilden fen Moäb. En hja kamen to Bethlehem yn it bigjin fen 'e koarnrispinge.

## HAEDSTIK 2.

1 Naomi nou hie in bloedfrjeon oan 'e mans kant, in man tige bigoedige, út it slachte fen Elimélech, en syn namme wier Boäs.

2 En Ruth, de Moäbityske, sei tsjin Naomi: Lit my dochs nei it lân gean to iersiikjen, efter dyjinge yn hwaens eagen ik genede fine scil. En hja sei tsjin hjar: Gean hinne, myn dochter.

3 Sa gyng hja hinne, en kaem en iersocht op it lân efter de sichters; en ta gelok trof hja in stik lân fen Boäs, dy't út it slachte fen Elimélech wier.

4 En sjuch, dêr kaem Boäs fen Bethlehem, en sei tsjin de sichters: Mei de Heare mei jimme wêze. En hja seine tsjin him: Mei de Heare jo seingje.

5 Do sei Boäs tsjin syn boufeint, dy't er oer de sichters set hie: Hwa is dat jonge frommiske?

6 En de boufeint dy't oer de sichters set wier antwirde en sei: Dat is it Moäbitysk jongfrommis, dat mei Naomi weromkommen is út 'e fjilden fen Moäb.

7 En hja hat sein: Lit my dochs iersiikje efter de sichters en de skeafbynsters. Sa is hja hjir kommen, en hat yn 'e skrep west fen 'e moarn ôf oant nou ta, en hat mar amper skofte.

8 Do sei Boäs tsjin Ruth: Hark ris, myn dochter, gean net to iersiikjen nei in oar stik lân, en gean hjir ek net fendinne, mar jow jo by myn bynsters.

9 Jins eagen scille wêze op dit stik lân salang't it sichte wirdt, en jo scille efter hjarren oan bliuwe. Haw ik de feinten net hjitten, net oan jo to kommen? Hwennear't jo toarst hawwe, gean den nei de tûnen en drink fen itjinge dat de feinten opdippe.

10 Do foel hja op hjar oantlit en bûgde hjar nei de groun en sei tsjin him: Hwerom haw ik genede yn jins eagen foun, dat jo nei my omsjugge, wylst ik dochs in frjemdlinge bin?

11 En Boäs antwirde en sei tsjin hjar: It is my allegearre al wiidweidich oanbrocht hwet jo nei de dea fen jins man oan jins skoanmem dien hawwe, en dat jo jins heit en jins mem en it lân fen jins berte forlitten hawwe, en nei in folk gien binne dat jo jister en earjister net koene.

12 De Heare mei jins died forjilde, en jins lean mei folslein wêze fen wegen de Heare, de God fen Israël, ûnder hwaens wjukken jo kommen binne to skûljen.

13 Do sei hja: Lit my genede yn jins eagen fine, myn heare, hwent jo hawwe my treaste en spritsen nei it herte fen jins tsjinstfaem, alhowol't ik gjinien fen jins bynsters bilykje kin.

14 Do't it den iterstiid wier, sei Boäs tsjin hjar: Skik hjir by, en yt fen it brea en stip jins byt yn 'e yettik. En hja gyng sitten bisiden de sichters, en hy lange hjar roastere nôt oan, en hja iet, en waerd sêd, en hâldde oer.

15 En do't hja wer oereingyng to iersiikjen, gebea en sei Boäs de feinten: Lit hjar ek twisken de skeaven siikje, en meitsje hjar net biskamme.

16 Ja, lit sa nou en den ek ris in hânfol of hwet for hjar falle, en lit it lizze, dat hja it opsiikje mei, en siz der neat fen

17 Sa socht hja dat stik lân ôf oan 'e jouns ta, en do't hja útsloech hwet hja gearsocht hie, wier der likernôch in efa koarn.

18 En hja naem it mei, en kaem yn 'e stêd, en liet hjar skoanmem sjen hwet hja gearsocht hie; ek helle hja to foaren hwet hja oerhâlden hie nei't hja sêd wurden wier, en joech it hjar.

19 Do sei hjar skoanmem tsjin hjar: Hwer hastû hjoed iersocht en by hwa hast west? Seinge mei wêze hwa't nei dy omsjoen hat. En hja forhelle hjar skoanmem by hwa't hja west hie, en sei: De namme fen 'e man by hwa't ik hjoed west haw is Boäs.

20 En Naomi sei tsjin hjar skoandochter: Seinge mei er wêze fen 'e Heare, dy't syn barmhertichheit net ûnthâlden hat oan 'e libbenen noch oan 'e deaden. Fierder sei Naomi tsjin hjar: Dy man bistiet ús nei, it is ien fen ús lossers.

21 En Ruth, de Moäbityske, sei: Ek hat er yette tsjin my sein: Bliuw by myn feinten, oant hja myn hiele

rispinge dien hawwe.

22 Do sei Naomi tsjin Ruth, hjar skoandochter: It is saek, myn dochter, datstû mei syn bynsters op it lân giest; op in oar stik mochten hja dy ris lêstich wêze.

23 Sa bleau hja by Boäs bynsters to iersiikjen, oant de rispinge fen it koarn en de rispinge fen 'e weet dien wierne. En hja wenne by hjar skoanmem yn.

### HAEDSTIK 3.

1 En Naomi, hjar skoanmem, sei tsjin hjar: Myn dochter, scoe ik gjin plak for dy siikje dêr't it dy goed gean mei?

2 Nou den, treft it net tige dat Boäs, ús bloedfrjeon, mei hwaens fammen dû op it lân gien hast, fen nacht koarnwynje scil yn it têrskhús?

3 Waskje en salvje dy den, klaei der dy op en gear nei it têrskhús; meitsje dy lykwols net oan 'e man bikend, ear't er net ré is mei iten en drinken.

4 Mar hwenear't er lizzen giet, nim it plak dêr't er leit den goed op; gean dêrnei hinne en slach syn foettek op, en jow dy del; sa scil er dy útslútsel jaen hwetstû to dwaen hast.

5 En hja sei tsjin hjar: Alles hwet jo sizze scil ik neikomme.

6 Sa gyng hja nei de terskflier, en die neffens alles dat hjar skoanmem hjar gebean hie.

7 Do't nou Boäs den iten en dronken hie en syn herte fleurich wier, joech er him nei sliepen op 'e ein fen 'e nôtbult. En hja kaem sûntsjes yn, en sloech it foettek op, en joech hjar del.

8 En it barde to middennacht, dat de man kjel wekker waerd en him foaroerjaend om him hinne taestte, en sjuch, der laei in frou op it foettenein.

9 En hy sei: Hwa bistû? Hja antwirde: Ik bin Ruth, jins tsjinstfaem, spried jins wjuk dochs oer jins tsjinstfaem út, hwent jo binne de losser.

10 Do sei er: Seinge binne jo de Heare, myn dochter: dêr hawwe jo dizkear yette better deugd mei dien as yn it foarige, dat jo gjin jongfeinten efterneiroun binne, itsij earm of ryk.

11 Eangje nou den net, myn dochter; **HAEDSTIK 4.** alles hwet jo útsteld hawwe scil ik oan jo dwaen; hwent de hiele stêdsपोर्टe fen myn folk wit wol dat jo in deeglike frou binne.

12 Alhowol, wis, it is wier, dat ik losser bin, mar der is yette in losser neijer as ik.

13 Bliuw hjir de nacht oer; en moarnier scil it barre byhwenear't hy jo losse wol, hawar, lit him losse; mar mocht it him net sinnigje jo to lossen, den scil ik jo losse, sa wier as de Heare libbet! Jow jo del oan 'e moarntyd ta.

14 Sa joech hja hjar del op it foettenein, oan 'e moarntyd ta. Mar do gyng hja oerein ear't de iene de oare kenne mocht, hwent, sei er, it scil net bûrkindich wurde dat dizze frou oer de terskflier west hat.

15 Do sei er: Nim de wiele dy't jo foarhawwe en hâld dy op. En hja hâldde him op, en hy meat seis miette koarn, en joech it hjar op; en hja gyng de stêd yn.

16 En do't hja ta hjar skoanmem kommen wier, sei dy: Ho is it dy ôfgien, myn dochter? En hja forhelle hjar alles hwet de man oan hjar dien hie;

17 ek sei hja: Dizze seis miette koarn har er my mejown, hwent hy sei: Jo scille net mei lege hannen ta jins skoanmem komme.

18 En hja antwirde: Wachtsje nou mar stil ôf, myn dochter, oantstû witst ho't dit biteare mei; hwent dy man scil gjin lichten dwaen ear't er de saek hjoed de dei yette net foarinoar hat.

### HAEDSTIK 4.

1 En Boäs bijoech him nei de poarte en gyng dêr sitten. En sjuch, de losser dêr't Boäs it oer hawn hie kaem foarby. Do sei er: Jo dêr, kom harren, gean hjir sitten. En hy kaem harren en gyng sitten.

2 En hy naem tsjien mannen fen 'e âldsten fen 'e stêd, en sei: Gean jimme hjir sitten; en hja gyngen

sitten.

3 Do sei er tsjin de lossen: It stik lân dat ús broer Elimélech sines wier hat Naomi, dy't weromkommen is út it lân fen 'e Moäbiten, forkocht.

4 Nou hie ik sa tocht — ik scil it yn it iepenbier en foar jins earen sizze — jo geane it oan yn it bywêzen fen dy't hjir sitte en yn it bywêzen fen 'e âldsten fen myn folk; byhwennear't jo it losse wolle, den losse jo it; mar mochten jo it net losse wolle, den sizze jo it my rounút, dat ik it witte mei; hwent bûten jo is der gjinien dy't it losse kin as iksels. Do sei er: Ik scil it losse.

5 Mar Boäs sei: Mei dat jo it lân oangeane fen Naomi's hân, scille jo it ek oangean fen Ruth, de Moäbitske, de frou fen 'e forstoarne, om de namme fen 'e forstoarne op to hâlden oer syn erfdiel.

6 Do sei de lossen: Den scil ik it sels net losse kinne, ik mocht myn eigen erfdiel ris bidjerre; los jo mar hwet ik losse moat, hwent iksels kin gjin lossen wêze.

7 Nou wier it by it lossen en by it ruiljen fen âlds brûkme yn Israël om sa'n saek to bifêstigjen, dat de iene syn skoech útteach en dy de oare joech; en dat wier ta in tsjûgenis yn Israël.

8 En de lossen sei tsjin Boäs: Gean jo it sels oan, en hy teach syn skoech út.

9 Do sei Boäs tsjin de âldsten en tsjin al it folk: Jimme binne hjoed tsjûge, dat ik alles hwet Elimélech sines west hat en alles hwet Chiljon en Machlon hjarres west hat oangean fen Naomi's hân;

10 en allyksa gean ik Ruth de Moäbitske, Machlons widdow, oan ta frou, om de namme fen 'e forstoarne op to hâlden oer syn erfdiel, dat de namme fen 'e forstoarne net útroege wirde mei út it formidden fen syn broerren en út 'e poarte fen syn plak; jimme binne hjoed tsjûge.

11 En al it folk dat yn 'e poarte wier en al de âldsten seine: Wy binne tsjûge. Mei de Heare dizze frou, dy't yn jins hûs komt, meitsje lyk as Rachel en as Leä, dy't beide Israëls hûs boud hawwe; en doch deugd yn Efratha en meitsje namme yn Bethlehem.

12 En jins hûs mei wirde as it hûs fen Peares, dy Tamar oan Juda berne, fen it sied dat de Heare jo jaen scil út dizze jonge frou.

13 Sa naem Boäs Ruth, en hja waerd him ta frou, en hy kaem ta hjar. En de Heare seinge hjar, dat hja swier waerd en in soan krige.

14 Do seine de frouljue tsjin Naomi: Priizge mei de Heare wêze, dy't jo hjoed de lossen net ûnthâlden hat; en mei syn namme forneamd wirde yn Israël!

15 Hy scil jo wêze ta in treast for jins siele, en ta in stipe fen jins âlderdom; hwent jins skoandochter, dy't jo ljeaf hat, hat him berne, hja dy't jo mear is as saun soannen.

16 En Naomi naem it bern op 'e skirte, en hja brocht it great.

17 En de bûrfrouljue forneamden him, sizzende: Naomi hat in soan krige, en hja neamden syn namme Obed. En hy is de heit wurden fen Isaï, Davids heit.

18 Dit nou is de stambeam fen Peares: Peares woun Hesron;

19 en Hesron woun Ram, en Ram woun Amminadab,

20 en Amminadab woun Nahesson, en Nahesson woun Salma,

21 en Salma woun Boäs, en Boäs woun Obed,

22 en Obed woun Isaï, en Isaï woun David.